

Ferslach fan de gearkomste fan 4 novimber 2017 yn Café Wouters

- 1- Us foarsitter, Gosse van der Plaats, iepent healwei twaën de gearkomste.
- 2- Meidielingen en ynkommen stikken:
 - a- Der binne in trij-tal ôfsizzingen. Gosse stelt ús nije skriuwer, Jabik van der Bij foar.
 - b- Henk Zeinstra dielt mei dat twa fan ús leden yn de rin fan dit jier ferstoarn binne, te witten: Otto Roemeling (79 jier, +23-04-2017) en Harm Oldenhof (94 jier, +11-07- 2017). Henk sprekt in koart “in memoriam” oer beide leden út. Foar in útgebreider “In Memoriam”, sjoch it hjerstnûmmer fan Ut de Smidte.
Hjirnei betinke we beide mannen mei in momint fan stilte.
 - c- Omdat wy gjin bibliotek ha, wol ús foarsitter it boek *Sible Sjoerd Nicolaas Hettinga, zijn Friese kwartieren* oan gadingmakers yn de pauze ferlotsje. Jaap Wijbenga út Feanwâlden wurdt de lokkige.
 - d- Oer it ynkommenstik mei it oanbod fan Fryske sulveren berteleppels, binne gjin oanmerkings of fragen. Se kinne besteld wurde fia it kontaktformulier op de webside www.zilverstudie.nl mei in minimaal bod fan € 120,- de leppel.
- 3- Ferslach fan 22 april 2017
Oer it lêste ferslach fan ús âld-skriuwer Ype Brouwers binne sawol tekstueel as ynhâldlik gjin oanmerkings. Under tanksizzing oan Ype wurdt it ferslach dan ek fêststeld.
- 4- Ferslach oerliz fertsjinwurdigers fan it Gen. Wurkferbân F.A. mei de ôfdieling Fryslân fan it NGV op 10 okt. 2017, oer in útstel foar útwreiding gearwurking.
Net ien opnearret him, dan is it no wachtsjen op de reaksje fan de NGV.
- 5- **Taljochting op Hisgis, troch Piet de Haan en prof. dr. Hans Mol.**
5a. Piet de Haan, redakteur fan de Histoaryske Feriening Noardeast Friesland, fertelt oer it projekt: **Dokkum ien grutte puzzel**. De Haan leit oan de hân fan in powerpoint-presintaasje út hoe de keppeling tusken oan de iene kant de kadasternûmers fan 1832 en oan de oare kant de nûmering fan de Reële goedschatting fan 1805 ta stân kommen is. Hy fertelt oer hokker problemen hy tsjin kaam en hoe se oplost waarden, by it op in rychje setten fan de hûsnûmers. Sa binne bygelyks ek de listen fan de burenplicht 1774 en it turfregister fan 1741 keppelen oan de reëlcohierien.
Yn it jubileumnûmer fan De Sneuper (30 jier Historische Vereniging Noordoost Friesland) oer it bierbrouwen yn Dokkum, hat hy sa 20 (19) bierbrouwerijen te plak bringe kinnen mei âlde namme en it hjoeddeiske adres.
Ek blykt bygelyks dat alle brouwerijen yn groepkes by inoar lizze en dat fia de genealogy de famyljeferbânnen oan te toanen binne. By elk groepke bierbrouwerijen wenne ek in biersteker.
Tusken 1600 en 1840 binne 19 brouwerijen te plak brocht, mei 212 eigenaren. Gemiddeld 11 brouwers per brouwerij. 25 persoanen boasken mei in Dokkumer widdow of dochter fan in brouwer (=11%).

85 Persoanen wienen heit, mem, bern, broer, suster fan in Dokkumer brouwer (=40%).
87 persoanen wienen by de keap fan in brouwerij net yn Dokkum berne (=41%).
As byprodukt binne der yntusken ek al mear as 50 hûsnammen te plak brocht.
Nei Piet de Haan syn ûnderhâldend ferhaal oer Dokkum, giet Hans Mol fierder mei de útlis fan it HisGIS yn Fryslân.

5b. Wêr ha se eins wenne? troch prof.dr. **Hans Mol.**

Foarôf lit Hans sjen dat hy net allinnich spesjalist is op it gebiet fan de midsieuske skiednis, mar ek affiniteit hat mei genealogy. Hy stelt him foar as in Sieuske nasaat fan in riedseleftige nepert/frek, Adriaan Vaar, boer en bankier yn Oudelande yn Seelân (1821-1885). Sels berne yn Kapelle, hat hy allegear Sieuske foarâlden.

Dêrneist makket Hans ek noch efkes gebrûk om reklame te meitsjen foar it minisymposium op tongersdei 23 novimber 2017 fan 14.00-18.00 oere yn de Kânselarij oan de Turfmerk 11 yn Ljouwert mei as tema “Folksbewapening en tsjinstplicht”. Tagelyk sil dêre ek presintearre wurde it boekwurk “De Friese volkslegers tussen 1480 en 1560” fan Hans Mol en Peter van der Meer. (opjaan fia de F.A. webside).

Wa’t mear witte wol oer syn foarâlden wol ek witte wêr’t se wenne ha. In handich ynstrumint om dêr achter te kommen is Hisgis. Prof. Mol fertelt der dizze middei mear oer. HISGIS-Fryslân is it âldste ûnderdiel fan HISGIS. It komt fuort út it sûnt 1988 rinnende projekt Kadastrale en Prekadastrale Atlas fan Fryslân fan de Fryske Akademy. Yn 1998 is útein setten mei it digitalisearjen fan de al earder útjûne dielen foar it westen en noarden fan Fryslân. Ein 2005 koe de HISGIS-side foar hiel Fryslân op ynternet. Hy lit oan de hân fan in powerpoint presintaasje bygelyks sjen:

- Werjefte wearde/opbringst per perseel yn de hiele provinsje;
- De ferrikingslagen, mei 1832 as fûndering om oare lagen op te bouwen;
- Ein dit jier is HisGIS yn gehiel Noard- en East-Nederlân ynfiert mei de basislaag 1832. Ek Midden-Brabant, Leiden, Delft, Sittard, Geleen, Rotterdam, Hoorn en Den Bosch sille har hjirby oanslute;
- Yn 2018 sil it kadaster fan 1879-1887 klear komme, dan ha wy in twadde kompleete trochsneedlaach oer de hiele provinsje, neist dy fan 1832 mei sa’n 400.000 perselen;
- Tagelyk wurdt ek wurke om fan de Fryske steden safolle mooglik gegevens oer huzen, bewenners per adres oan elkoar te keppeljen, te lokalisearjen en ynteraktyf trochsykber te meitsjen (folkstellings, belêstingskohieren esfh.) yn gearwurking mei argiven en frijwilligers, fral yn de steden mei Dokkum foarop;
- Dokkum stiet model mei de geveltekeningen en streetvieuw;
- Yn 2018 sil ek fan Ljouwert om de 10 jier de bewenners per hûs mei sa mooglik berop en belesting klear komme.

Beide ynlieders wurde troch de foarsitter betanke mei in slûfke mei ynhâld.

6 en 7- Neipetear en Omfreegjen. Dêre wurdt gjin gebrûk fan makke

Wol dielt de foarsitter noch mei dat yn de folgjende gearkomste op 2 decimber it nije Jierboekje 2017 presintearre wurde sil en by ferwachte grutte opkomst útwykt wurdt nei de Koperen tún. En dat de NGB afdeling Friesland op 18 novimber in gearkomste hat.

8- Efkes nei fjouweren slút ús oarsitter Gosse de noflike en ynformative gearkomste.

Meindert Tangerman